


# *Fryske Krite "Meiinoar Ien" Hurderwyk e.o.*

skriuwers: *Kees en Siska van der Beek*  
[kcvanderbeek@gmail.com](mailto:kcvanderbeek@gmail.com)



## **Winterskoft 2017 – 2018**

Oan al ús leden,

Sa as jimme sa stadichoan al gewoan fine, krije jimme noch foar de simmer in oersjoch fan it kommende winterskoft, dat wy as krite inoar wer moetsje.

Wy hope, dat der yn it program foar elts wat sit.

### **It oersjoch:**

---

- \* 28 oktober: **Moetings- en Ynspiraasjedei** fan it FBoU mei moarns: Fokke Plantinga en Jelmar Hoekstra (HYMHAMP) mei toaniel/kabaret stúdzjemoarn - middeis: deputearre Sietske Poepjes fan de provinsje Fryslân oer har wurk - kosten € 12,50 foar it middeis-miel - jûns ús Kritejûn mei "**Blikstiender**" fan **de Lemmer** mei it kabaret-programma - "Fryslân heite"
- \* snein 29 oktober: **Fryske tsjerketsjinst** - jûns om 19.00 oere yn de Maranathatsjerke yn 't Harde - mei ds. Imko Postma fan Genemuiden.
- \* 9 desimber: **Kritetoaniel Assen** mei it stik "Pûtsjeplakke by it bankje"
- \* 6 jannewaris 2018: **Nijjiersbesite** mei Ledegearkomste en Age Veldboom oer syn hobby Skûtsjesile - mei lûkpûde - fan 15.00 oant 19.30 oere.
- \* 3 febrewaris 2018: **De Lytse Kommeedzje fan Drachten** mei de klucht "Neat is wat it liket"
- \* 17 maart 2018: **HYMPHAMP** mei harren nije programma
- \* 14 april 2018: **Friezedei** fan it FBoU yn Ljouwert - Provinsjehûs.

De Kritejûnen begjinne om 19.30 – ynrin fanôf 19.00 oere en wurde holden yn it MFC "de Kiekmure", Tesselschadelaan 1 yn Hurderwyk – till. 0341 - 434749

Neiere ynfo is yn ús Kriteblêd te finen, dat twa wike foar elke krite-aktiviteit útkomme sil.

Noat: Us nije ponghâlder Douwe Stellingwerf hat it berjocht dien, dat hy al wer stoppe moat mei it ponghâlderskip – hy sil ynkoarten mei de húshâlding ferhúzje nei Goor yn Twente.

Soks betsjut, dat wy as Krite wer **sykje nei in nije ponghâlder**.

Wa kin/wol?

Reaksjes graach nei de skriuwers: [kcvanderbeek@gmail.com](mailto:kcvanderbeek@gmail.com)

De skriuwers